


De Gaastmar, 1 novimber 2021

Achte doarpsgenoaten,

Sa't jimme al jierren wend binne, earst noch via basisskoalle 'Mids de Marren', komme de bern fan de Gaastmar op Sint Martensdei, **tongersdei 11 novimber**, mei ljochtsjes by jimme oan de doar. De âlders en (âld-) learkrêften ha ek dit jier de organisaasje pleatslik wer oppakt en dus komme de Gaastmarder bern yn 2021 ek wer by jimme oan de doar!

Wy brûke it winkelplein as startplak, dus bûtendoar. Wy einigje ek bûtendoar: sûkelademolke drinke, jild telle, snoep ferdiele en dan wer nei hûs.
Wy nûgje **alle Gaastmarder bern** fan de basisskoalleleeftiid út harren, mei lampion te melden op...

**tongersdeitemiddei 11 novimber 17:00 oere op it winkelplein.**

Wy oefenje it liet dan noch en gean yn lytse groepkes, mei in begelieder, meast âld-learlingen, op stap foar itselde doel...
De opset:

- jo krije ien kear in groepke oan 'e doar...
- de bern belje oan en sjonge...
- de kollektebus oan 1,5 meterstôk en de tas foar snobbersguod ek komme nei foaren...
- graach (foarferpakt?) snobbersguod oanbiede foar net mear as 4-6 bern
- tip...
  - jo kinne ek sels, binnen/bûten, in feestlik ljochtsje klearsette as wolkom...

# TONGERSDEITEJÛN 11 NOVIMBER 2021

## TUSKEN 17:00 EN 18:30 OERE



Wy rinne al jierren foar de **'Stichting Maher-India'**. Dizze stichting stipet bern yn need yn it fiere India. Dat dogge se troch it opsetten fan projekten, en troch sponsoaring fan bern. Fia dizze stichting wolle wy no oare bern, 'freonen op ôfstân' helpe. Oer it doel foar dit jier skriuwt siktaris fan it bestjoer, dhr. Sjoerd Schaaf...

### India in coronatijd.

Yn India is der eins neat feroare neffens ferline jier. Us projekten diele noch hieltyd in soad iten út. Dochs binne we mei twa projekten dwaande: in yrrigaasje-projekt en twa skoalprojekten. Ien skoalle hat nij meubilêr krigen en kompjûters. No kinne se ek online de lessen dwaan. In oar skoaltsje wurdt ôfboud.
Sels hie it doarp twa lokalen boud, mar der wie gjin jild om meubilêr en learmiddels te keapje.
De stukadoar hat it ôfmakke, in skilder hat 'duorsume' learmiddels op de muorren ferve. Dat skeelt yn oanskaf fan boeken!



Wêr't ik wol soargen om ha: der wurde bern ronsele om net nei skoalle te gean, mar te wurkjen. Corona smyt op plakken de tiid wer werom. In foarm fan moderne slavernij kin men wol sizze. We dogge der alles oan om dat foar te kommen, mar ja, iten is ûnmisber.

Met andere woorden...
Er zijn veel besmettingen, de gezondheidszorg is verre van goed. En dus zijn er veel slachtoffers. We hopen dat er voor de mensen en kinderen daar betere en mooiere tijden aanbreken. We zijn blij dat De Gaastmar weer opkomt voor de zwakkere!

Uw gift kunt u tijdens de Sint Maartenactie meegeven aan de kinderen van Gaastmeer of overmaken op onze bankrekening: NL66 INGB 00034854 00 t.n.v.
St. Maher-India - St. Maartenactie 2021

Namens bestuur Stichting Maher-India,
Sjoerd D. Schaaf

Mear ynfo + foto's op www.pkn-gaastmeer.nl en Facebook Dorpsbelang. Wy komme mei baarnend ljocht en in hertferwaarmjend liet by jimme oan de doar....
en bringe dan ek ljocht yn it libben fan oaren!
Foar mear ynformaasje oer projekten, sjoch de website: www.maherindia.nl

Wy starte om 17:00 oere en einigje dus
OP IT WINKELPLEIN.
Lampion + ljochtsje (batterij!) mei fansels!
Dêrnei geane wy dan yn lytse groepkes + begelieders it doarp yn.
De groepsyndieling wurdt oan de âlders trochjûn via WhatsApp. Elkenien is wolkom!

Wy steane dan by jimme op 'e stoepe, sjonge ús liet en freegje fan jimme in frije bydrage yn jild en fansels is in lekkernij yn de tradysje fan Sint Marten ek wolkom.
Dy lekkernijen ferdiele wy letter, by in beker poeiermolke, op it winkelplein. It jild wurdt teld en troch de diakony fan de tsjerke oanfold mei in moai bedrach. It einbedrach meitsje wy bekend.

Belangryk...
**Alle bern út De Gaastmar yn de basisskoalle-leeftyd binne fansels fan herte wolkom om mei te rinnen foar dizze aksje. Kom mar nei it plein by de winkel.**
Wolle âlders graach dat harren peuter (3-jierrigen) ek, mooglik foar in part, meidocht, dan graach ûnder begelieding fan in âlder/folwoeksene.



Tekening: Eline van Lindenhuizen

Graach oant tongersdei 11 novimber, 17:00 oere.

Juf Annalies, juf Janny, Willem en meiwurkjende âlders.

## in het kort...

**do 11**

# Sint Maarten 2021

Dit jaar organiseren we weer de actie voor Stichting Maher-India met lampionlopen op donderdag 11 november. We zetten deze traditie met veel plezier voort.

Start op het winkelplein om 17:00 uur.
Lampiontocht door het dorp 17:00-18:30 uur
Ouders...
graag zorgen voor een brandend lichtje!
Na afloop verzamelen we weer op het winkelplein en zorgen dat de kinderen weer veilig thuis komen. U kunt uw kinderen tussen 18:00 en 18:30 uur afhalen.

Er komt één groepje, 4-6 kinderen, met lampionnen zingend langs de deuren voor een geldelijke bijdrage en, als u dat wilt, een traktatie voor de kinderen zelf.

- we bellen aan en zingen ons lied...
- we hebben een collectebusje (aan 1,5meterstok) bij ons en vragen u om uw gift daar in te doen...
- we hebben ook een tasje (aan 1,5meterstok) voor het snoep bij ons en vragen u om daar het snoep voor de groep in te doen.

We verzoeken u wel om aan de deur niet meer snoep te geven dan voor het aantal kinderen dat bij u aanklopt.
Stichting Maher-India, voorheen Wereldkinderen, geeft hulp aan kinderen in India, uit de onderste lagen van de samenleving.
Informatiebronnen: www.maherindia.nl. ANBI 87681.